

Dúts en it skuldbesef (J)

Nei de Kweek woe ik wol wat mear. Wurk koe'k foarearst dochs net krije, it wie oan 'e ein fan 'e tritiger jierren. Alhoewol - sûnder siet ik ek noait. Hantwurkles jaan (hantwurkjen! ikke!) hjir, yn-falle as kwekeling dêr, nee dat foel wol mei, al smiet it suver neat op. Mar it wie fansels noch gjin baan. In taalakte derby like my wol moai. En dan fansels Dúts. Dúts, wêrom no krekt Dúts?

Ja, dat wie foar my de taal fan 'e romantyk, yn 't bysûnder fan 'e ferskes, de Liederschatz en sa. Us heit hie dat ek wol wat. Dy lies mei wolbehagen de Dútse termen út syn psychology-boeken: Gestalt, Ich-haftigkeit en dat soarte fan grappen. Mei Krysttiid lies er it Evangeelje út 'e Dútse bibel: "Siehe, du wirst schwanger werden und einen Sohn gebären, des Namen sollst du Jesus heissen" en sa mear út Lukas 1. Dy "Bibel oder die ganze Heilige Schrift des Alten und Neuen Testaments nach der Deutschen Übersetzung Martin Luthers, Taschen-Ausgabe", hienen wy noch fanwegen Edith. Edith wie in "hongerbern" út it Roergebiet, dy't wy nei de earste wrâld - oarloch yn 'e hûs hân hienen, en dêr

't wy noch lang kontakt mei hân hawwe. Edith, dy't in kear mei ûnt-sach en fernuvering fêststelde dat wy "drei und zwanzig Bibel" yn 'e hûs hienen, de psalmboekjes meiteld. Dêr wie ek in Dútsen ien by.

Dy Dútse ferskes koe ik fan myn âldste broer. Dy wie it earst studint en studinten songen doe noch, fral ek Dúts. Wat songen wy dy mei ynmoed mei: "Die alte Burschenherrlichkeit..., Es lebe was auf Erden, stolziert in grünen Tracht, O du lieber Schatz, wir müssen scheiden, keine Hoffnung ist auf Erden mehr, of: Das waren mir selige Tage. En dan: "Die Gedanken sind frei, kein Mensch kann sie raten". Dat wienen de moaisten. Der stienen oars ek rare yn dat boekje.

Nei Sokken as "Sohn, da hast du meinen Speer, meinem Arm wirdt er zu schwer", barsten wy yn laitsjen út. Hoe krigen se 't yn 'e kop, dy healwizelingen! Of, noch folle gekker: "Der Gott der Eisen wachsen liess, der wollte keine Knechte". Dy oarlochsferskes sloegen wy oer, dy wienen ús te Dúts-agressyf. Wy songen selekt. Wol de religi-euze lieten fansels, Bach, Schutz en noch in hiele protte oaren.

By myn oargeltsje, it earste dat / Zur freundlichen Erinnerung an ik fan myn soer fertsjinne sinten / Eure dankbare Edith Vohwinkel (midden)



kocht, al fielede in oare broer him roppen in bydrage te leverjen, fanwegen de sfear dy't it oprôp.

Dúts dus. By Job. Job wie de bynamme fan in learaar en direkteur fan 'e MULO, ek in romantikus. As hy Erbkönig fan Goethe foarlies, rûnen de triennen him oer de wangen!

Dy L.O. akte helle ik sûnder problemen. Dúts lei my sa't skynt wol, al hie ik der op dy MULO gjin slach oan dien. Nearne net oan trouwens. De MULO wie foar my in oarde fan befrijing, dêr't ik my sels útprobearre: hoe fier kin ik gean, hoe fier kin ik it brave fanke, dat ik fan hûs út wie, achter my litte. Fan braaf nei balstjurrich, hoe giet dat? Troch brutaal te wêzen, neat út te fieren, tsjin 'e tried yn te gean, te gibeljen, út 'e klasse stjoerd te wurden (hearlik!). Yn dat lêste gefal kaam men by Job, de baas. Mar dy hie my troch - en die fan 'e weromstuit ek neat, lake mar wat as hy my wer op 'e gong fûn. Wat in tiid, in diploma krige ik net en Dúts learde ik dêr ek net.

Der is noch in aspekt fan dat Dúts praten: Dúts makke fan my in oar minske. Ik wie dan folle mear oerdreaun en optein en brutaler. As yn 'e oarloch Dútsers tsjin my blaften, blafte ik werom. Dan skodden se har holle en lieten my gean. Tochten se miskien oan har eigen "Backfische" thús? As ik as koerierster op 'e fyts siet, betocht ik ûnderweis alle mooglike petearen, mei idioom út Gersom, it dikke "Idiom der hochdeutschen Sprache" dat ik der wakker ynstampt hie. En fansels dit: der gong in wrâld foar my iepen, fan in kultuur dy't oars wie as dy fan thús: Goethe, Schiller.

Nei Dúts L.O. wie der in kommitearde, frou Dijksterhuis, dy't tsjin heit sei: „Se moat net dreks troch gean, mar se moat in bredere basis ha en earst in oare taal leare.“ "Se" fûn dat net sa gek en frege in kursus Frâns oan, mar Frâns lei my net. Dêr wie ik net linich genôch foar, al koe ik my letter as goevernante yn Brussel by de Semets doch aardich rêde.

Nei in heal jier hold ik op en begûn foar M.O Dúts. Dat wie makliker sein as dien, want eins wie der doe yn fiere omkriten gjin oplieding foar. Yn Ljouwert fûn ik in juffer dy't sels M.O hie en my wol op gleeed helpe woe. Dêr fytste ik elke wike hinne, 25 km hinne en 25 werom, oer Burdaard en Lekkum, dat wie it koartst. Mar juffer Br. hie albslút gjin ûnderfining mei de M.O. eksamens, wist dus ek net krekt wat de easken wienen en koe gjinien fan 'e kommisje; dat wienen fansels grutte neidielen. Boppedat bruts de oarloch út en Dúts rekke alhiel yn 'e nederklits. Wa't no noch Dúts studearre, wie of gek of alhiel fan 'e ferkearde kant. Ik sil dan wol gek west ha, want fan 'e ferkearde kant wienen wy grif net. De hiele húshâlding siet sawat yn it ferset en yn 'e lêste oarlochsjierrren wie ik sels yn alle waar en wyn as koerierster op stap.

Myn kennis fan Dúts kaam my dêrby moai fan pas, fral doe't myn broer oppakt waard - letter waard noch in broer pakt, en ús heit en myn oansteande skoanheit. Ik moast doe geregeldwei konversearje sismar diskusearje mei mannen as Gründmann yn it Old Burger Weeshûs, Kindler en Lehnhoff yn it Grinzer Scholtehûs. Dêr siet broer

Reimer doe en se ha him wakker tramtearre.

Ek reizge ik wol nei Den Haag om ynformaasje oer "Häftlinge" of om my te bekleien oer ofsieren dy't slein hienen. Lehnhoff is sa al ris op it matsje roppen foar mishanneling. Op sa'n manier hie ik dochs wat profijt fan myn Dúts.

Mar mei yllegaal wurk krijt men gjin M.O.akte. Al yn 1942 sei juffer Br. dat ik it (eksamen) wol ris besykje koe, al soe ik wol gjin skym fan in kâns hawwe. Mar wat ûnderfining yn it eksamen dwaan koe gjin kwea.

No, folle skeat ik der net mei op. It opstel waard mei in twa "beleanne", it wie yndied te gau.

Yn 'e simmer fan 1944 soe it wer oangean. Ik hie my goed taret en wit noch dat ik my tige ynwurke hie yn 'e geheimen fan 'e "Relativsatz". It skriftlik eksamen levere in goede list op en it mûnling wie eins gjin punt mear. Foartiid hie ik noch wat ekstra lessen nommen by in sekere Flothuis yn Amsterdam, net wittende dat dy no krekt "fout" wie en dêrom út de eksamenkommisje maneuevele wie. It mûnling wie yn Den Haach. Hinne waard de trein besketten. Ik siet út foarsoarch al yn 'e achterste wein, dat die men hast al fansels. Wy moasten der allegearre út en it duorre withoelang, mar ik kaam te plak.

Yn 'e eksamenkommisje siet ek in non, noch yn habyt en mei kap.

Ik seach suver oars neat fan ^{har} as har eagen en dy seagen my neat net freonlik oan, doe't se hearde dat Flothuis my les jûn hie.

Fan dat ogenblik ôf wie ik ferlern. Alhoewol ik ridlik goed yn idioom wie, seage se my troch oer ien útdrukking dy't ik krekt net koe. Nearne oars frege dat aaklige minske oer en nimmen help my.

Gjin ien die in bek iepen. Wat in eksamen, wat in rotlju. De útslach wie dúdlik: Tot onze spijt ...

Ik wie telettere en snúfde fan klearebare lilkens doe 't ik de stikken yn ûntfangst naam. Mei de holle omheech rûn ik it lokaal út en by de útgong stie Flothuis. It wie hiel dúdlik dat se my net slagje litte woenen en dat begriep Flothuis ek. Hy waard fjoerread en stuts hastich ôf.

Ek stom fan my dat ik doe krekt eksamen dwaan woe, mar ja...

Sûnder akte kaam ik thús en de stúdzje waard foarearst oan 'e kant set. Der wienen oare en wichtiger dingen: de oarloch, myn koeriersterswurk, ûnderdûkers helpe, evakuees, en mar fytse, fytse; de befrijing, nei Denemarken en Ingelân mei hongerbern. Dat spiede oer it Dúts en it mislearre eksamen hinne.

Mar yn 1946, doe koe ik wer in skot weagje. Gau naam ik wat lessen, dis kear by Postma yn Hoogezand en dy fertelde my de achtergrûn fan Flothuis en myn eksamenfiasko yn '44. Gersom (idoom) en Van Dam (yn 'e oarloch ek al fout), literatuur en grammatika, waarden noch ris oereide.

"Jo binne der wol klear foar", sei Postma, dy't sels ek yn 'e eksamenkommisje siet. En dêr gong ik wer. Skriftlik wie goed en doe wie it wachtsjen op 'e oprop foar it mûnling. Mar sjuch - dy kaam net. Twa wike wachtsje, trije, in moanne - neat. Einlings belle ik Postma, dy't my sei dat it mûnling al west hie en dat se my mist hienen... De oprop wie al ferstjoerd, mar net oankommen en in apart eksamen foar ien - dêr koenen se net oan begjinne.

Ik wie ferslein. En doe barde wat nuvers: ik liet it sitte. Protestearre net, makke gjin kabaal, besocht net der noch wat út te heljen foar it folgjende jier - neat, neat, neat. Ik liet it sitte, deagewoan sitte.

Want, sa tocht ik by my sels, it mei net, dy akte. Ik ha der my te folle op smiten, ik hong der te bot oan, dy frekte akte. Skuldgefoelens krige ik, nuver, nuver, alhiel net yn myn lijn. En myn ferloofde wie fier fuort, dy wist der neat fan. En myn heit die neat. Dy tocht : sy giet dochs har eigen gong en rêdt har sûnder dy akte ek wol. En sa bin ik it libben troch gien sûnder M.O.akte. It hat my ek myn libben lang spiten, wrantelich om dat skuldbesef, liik op dy non, liik op Flothuis, liik op dy smoarge oarloch, liik op my sels.

Letter krige ik wat mear ynsicht yn myn gefoelens. De skriuwer Jan Siebelink sei foar de radio ris dat er, doe't er tige bekend waard, it gefoel hie, dat er no wat ferkeards dwaan moast, om wer yn it lyk te kommen, plagiaat byg. Sa heech, op sa'n top koe der net bliuwe. Hy moast in misset begean om wer wat te sakjen, om wer it gewoane mantsje te wurden dat er altyd wie.

Ditselde hie ik ek hân - mar doe koe 't my al neat mear skele. Skuldgefoel fuort, ferdwûn. Ik koe der best fan genietsje, fan dy Dútse kennis: lesjaan. lêze, freonskip mei Dútsers ensfh.

Yn 'e simmer fan 1938 makken wy mei in stel kweekskoalle-learlingen ûnder lieding fan "omke" Durk Humalda in fytstocht by jeugdherbergen lâns. Yn Swolle troffen wy trije Dútse jongelju, twa famkes en in jonge, wat âlder as wy. Ien fan harren hiet Harriët Winter, dy namme ferjit ik

net wer. Se wienen flechte foar de nazi's yn Dútslân. Wy hienen de earnst fan har tastân eins net goed troch, want it wienen Joaden fansels. Mei syn trijen songen se doe it bekende:

"Die Gedanken sind frei,
Kein Mensch kann sie raten.
Sie fliegen vorbei -
wie nächtliche Schatten.
Kein Mensch kann sie wissen.
Kein Jäger sie schieszen,
Sie fliegen vorbei.
Die Gedanken sind frei!

In ienfâldich ferske, mar songen troch harren krige it in diminsje mear, wat wy letter earst goed troch hienen. Mar ik fielde dochs wat en haw noch lang mei Harriët briefwissel hân. Se wenne earne oan it Olympiaplein yn A'dam, "bei einem Onkel". It briefkjen hold ynienen op, noait wer wat heard en achterôf beskuldigje ik mysels dat ik noait wer kontakt mei har hân haw, dat ik net in hân útstutsen haw om har te helpen. Dat hie dochs wol kind?



**"Zur Erinnerung an unsere
Korrespondenz, deine Harriet"**

In skuldgefoel dêr't wy noait fan ôf komme:wêrom ha wy net mear dien om de moart op 'e Joaden foar te kommen en tsjin te gean? Wy ha genôch ekskuses: wy wienen te ûnnoazel;wy kamen gjin Joaden tsjin; wy wienen net yn 'e gelegenheid en gean sa mar troch.Mar dochs...

Sa no en dan driuwe de âlde ferskes wer nei boppen ta.Yn septimber 1991 sieten wy op 'e Warsberg út te sjen op Saarbûrg en it dal.Foar ús de wyngerts,yn 'e fierte bochte de Saar;auto's, treinen en boaten beweechden lûdleas yn 'e djippte.Yn ienen wienen se der wer: Da droben auf jenem Berge,da steh'ich tausend mal
Auf meinem Stabe gelehnet und schau hinab in 's Tal.

Dat is fan Goethe.Doe kaam: Von dem Dome schwer und bang
Tönt der Glocke Grabgesang
Ernst begleiten ihre Trauerschläge
Einem Wanderer auf dem letzten Wege.

Doe't in broer 70 jier waard skeat út it ûnderbewuste samar ynienen in fers fan Alfred Mombart omheech:

Einmal hält der rastlos rollende Wagen;
Einmal endet das Land.

Einmal beginnt das Herz sein Abschiedsagen

T. lake him slop om safolle treurigens,mar wie al gau ek yn 'e ban fan rym en ritme. Mombart syn alliteraasjes droanden ús noch lang troch de holle,mei oan 'e ein dy heimsinnige rigel: "Doch kehrte mir zuletzt die Jugend wieder". Nostalgy fan romantyske weemoedsklanken.

Bernard Smilde hat my foargoed fan it stiekume treurjen om myn noait helle M.O.akte,dy't in inkelde kear de kop wer opstuts,ôfholpen.Hy wie doe sels dwaande mei it berimen - yn it Dúts - fan psalmfersen,en ik seach dy nei op taal en stavering. Syn ûnskuldige fraach nei myn "foech" makke it hiele ferhaal wer los.Hy fûn it prachtich en reagearre der op mei in ballade: "Die Ballade der Wittwe mit lockigem Haar"

En dat wie tagelyk de ein fan alle emoasjes dy't ea om it Dútse "foech" hinne sweven,in soarte fan pastorale dichtersterapy sil ik mar sizze.

DIE BALLADE DER WITTWE MIT LOCKIGEM HAAR

Hier singe ich jetzt die Ballade
der Wittwe mit lockigem Haar,
's ist wirklich doch keine Scharade,
was ich hier erzähle ist wahr.

Sie war doch nur zwei-und-neunzig,
ihr drohte doch keine Gefahr,
sie lächelte immer so freundlich,
die Wittwe mit lockigem Haar.

So ist sie zur Prüfung gezogen,
es war eine Freude fürwahr,
nie hat sie ihr Alter gelogen,
im drei-und-neunzigstem Jahr.

Sie hörte die Fragen geduldig,
ihr Auge war hell und klar;
sie blieb keine Antwort schuldig,
und lächelte immerdar.

Sie wusste ja alles und alles
um Verben und Akkusativ,
die Bildung des zweiten Falles,
den schwierigsten Imperativ.

Sie hatte so manches gelesen,
sie wusste um Literatur,
sie war doch so eifrig gewesen -
so war ihre Friesennatur.

Sie lächelte immer so freundlich,
die Wittwe mit lockigem Haar,
sie war doch nur zwei-und-neunzig,
ungläublich und doch ist es wahr.

So hat sie die Prüfung bestanden,
ihr Leiden, jetzt hatte es aus,
die dankbaren Nachbarn, sie fanden
den farbigsten Blumenstrauss.

Sie lacht' und sagte: Jetzt eben
sind alle Sorgen dahin,
und heute beginnt recht das Leben,
ich weiss nicht, wie glücklich ich bin.

Sie hatte so lange gelitten,
ein Trauma, das war es fürwahr.
Jetzt geht sie mit freudigen Schritten,
die Wittwe mit lockigem Haar.

Jetzt kann sie den ganzen Tag singen,
sie weiss, es bleibt immer noch wahr:
es kann einem immer gelingen
im drei-und-neunzigstem Jahr!

BS sept 1990

Bernard Smiles Wize: Lorelei